

MeRKE WEIDuM 2017

Woansdei

19.00 Leafdes Parade
Opstelle by Nij Dekama by de jeu de boules baan.

21.30 Seal iepen
Muzyk fan Barcode

Tongersdei

9.30 Kofje op it fjild

10.00 Keatse op it keatsfjild

10.00 - 12.00 Bernespultsjes op it merkefjild

15.00 Beermile

15.00 De 55+ frjemde fûgels spotte.

15.30 Kleintje Matinee mei Reinout Weima

15.00 - 16.00 Bernesweef

20.30 Seal iepen

21.00 Lipsync battle.

22.30 Muzyk fan Gerrit Poortinga Trio

Freed

Fan 10.30 ôf Moarnsiten op it merkefjild

12.00 - 15.00 Matinee mei De Suskes

12.00 - 14.00 Bernebarren

14.30 Bingo yn Nij Dekama


14.30 Himelsk ite

Tusken 15.00 and 18.00 De Lotterij

Oant 18.00 Neisit op it fjild

20.30 Seal iepen

21.00 Muzyk fan Alice Springs



yn de cloud



Pr Og Ra MmA 2017

WOANSDEI 19 JULY

19.00 Leafdes Parade

In Leafdes Parade troch Weidum, wêr elke buurt oan meidwaan kin. Dit kin mei in karre, rinnend, fietsend of wat foar gek idee jo ek mar betinke kinne. We meitsje mei dizze parade der in leafdefolle leuke start fan de merke fan. Opstelle by Nij Dekama by de jeu de boules baan.

Nei ôfrin fan de Parade kinne jim noch sjen, welke buurt de striid winne sil yn in "luchtig" toernoaike. Wat dat wêze mei, merke jim dan wol...

21.30 Seal iepen en muzyk fan Barcode

In enerzjyk frontduo fan in klasse apart. In fundament fan in band wêr je U tsjin sizze. In sinderjende show mei de beste hits en de leukste meisjongers. In flitsende ljochtshow mei ledwall. Lit jo dizze merkejûn meislepe troch Bar-code.

TONGERSDEI 20 JULY

10.00 keatse op it keatsfjild

Eltsenien kin him by it listrinnen wer op jaan foar de tradisjonele merke-partij! Krekt as foarig jier is der wer yndividuele opjefte (groep 6, 7 en 8 kinne har hjir ek foar opjaan).

10.00 - 12.00 Bernespultsjes op it merkefjild

Op tongersdeitemoarn kinne de bern om 10 oere oantrede foar in programma besteande út ferskillende spultsjes.

15.00 Beermile

Op tongersdeitemidde kinne je meidwaan oan de Beermile. In draafspektakel wêrby je rûntsjes om it fjild rinne. Mar der is ien hindernis, foardat je in rûntsje starte meie, moatte je in bierke opdrinken. Elk rûnstje wer in nij bierke. It komt dus net allinnich oan op de snelheid van de poatsjes, mar ek fan de pols. Wa komt as 1e oer de finish fan dizze "mile"?

15.00 De 55+ frjemde fûgels spotte.

De 55-plussers geane op in echte tocht om frjemde fûgels te spotten, mei in lekker drankje foar ûnderweis fansels.

15.30 - 18.00 Kleintje Matinee mei Reinout Weima

Reinout Weima is de helt van Weima & van der Werf, dy't al 25 jier meigean yn de fryske muzykscene. No komt hy solo nei Weidum om de boel op de kop te setten foar it kleintje matinee.

15.00 - 16.00 Bernesweef 20.30 Seal iepen

21.00 De Lip Sync Battle.

Nei in spetterjend súkses yn Amerika, komt de Lip Sync Battle nei Weidum. In show mei alles der op en der oan. En jim kinne mei dwaan! Opjefte (fanôf 14 jier) foar dizze jûn kin oant 1 july. We ferwachtsje dat de dielnimmers in spektakulêre playback-show delsette op it poadium. Muzyk wurdt keazen út in list dy't wy spesjaal foar dizze jûn makke ha.

22.30 Muzyk fan Gerrit Poortinga Trio.

Dit is seker net de earste kear dat Gerrit Poortinga yn Weidum spilet, hij spilet nammentlik yn de Jokers Wild band. Dit jier is hy hjirre mei syn trio om de tongersdei mei in feest of te slúten.

FREED 21 JULY

Fan 10.30 ôf Moarnsiten op it merkefjild

Fanwege it oerweldigjende súkses fan foarige jierren, organisearje we ek dit jier wer in gesellich moarnsiten. Dit kinne we allegearre wol brûke nei twa dagen merke! Mar it is fansels ek tige geskikt foar de bern. Graach opjaan by it listrinnen, betelje by it moarnsiten (Folwoeksenen: 3 munten, bern o.m. 12 jier 1.5 munt).

12.00 - 15.00 Matinee mei De Suskes

De Suskes sette de tinte op'e kop. Dit supertrio bestiet út rasentertainer Sipke de Boer (Beugelband), Sytse Haima (Pigmeat) en allround muzikant Koos Keus.

12.00 - 14.00 Bernebarren.

Dit wurdt in ferrassingsact foar de bern op it merkefjild.

14.30 Bingo yn Nij Dekama

Net allinne foar de minsken yn Nij Dekama, mar ek foar de minksken fan bûten dy't wol in gokje weagje wolle.

14.30 Himelsk ite

Nei it matinee bouwe we it merkefjild om mei foodtrucks foar de Food Plaza. Gesellich mei elkoar genietsje fan hippe foodtrucks mei mear dan genoch iten! Der is ek dit jier wer in protte fariaasje en hearlijk iten te krijen.

Tusken 15.00 and 18.00 De Lotterij

De winners fan de lotterij wurde bekend makke op it merkefjild.

Oant 18.00 Neisit op it fjild. 20.30 Seal iepen

21.00 Muzyk fan Alice Springs.

Mei hun unike Ierse sound, en hun hjoeddeiske, Ierse en Country Songs krijt Alice Springs elkenien oan it feesten en springen. Se spilen al op Oerrock, Spijkerpop, Noppop en oare grutte festivals tegearre mei ûnder oare Kensington, Guus Meeuwis, Miss Montreal, Di-RECT! en TenTemPiés. Skyhigh gean we dus op dizze lêste merkejûn!!

WISTEN JO DAT?

- dat we ek dit jier wer Merke fiere op it fjild tsjinoer it Doarpshûs (lân fan Joannes v.d Weij) dat de kaarten in it doarpshûs folslein ferfongen binne troch munten.
- dat jo ek op it fjild mei munten betelje kinne.
- dat de munten op de seal en op it fjild deselde binne.
- dat jo de munten ynleverje kinne oant en mei 21 july.
- dat jo gjin eigen konsumpsjes op it fjild nuttigje meie.
- dat je bûten smoke moatte (mar dat wisten jim al...)
- dat minsken dy't noch net op de list tekene hawwe dit by binnenkomst op'e seal dwaan moatte. dat der gjin minimumleeftid is om op'e seal te meien. Us advysleeftid is 14+.
- dat der ûnder de 18 jier gjin alkohol skonken wurdt. Bern en harren âlders binne hjir sels ferantwurdlik foar.
- dat âlders altyd ferantwurdlik binne foar har eigen minderjierrige bern.
- dat alle aktiviteiten op eigen risiko binne.
- dat de strjitten Bornialeane tusken de Lytse Buorren en Kûpersteech ôfsletten binne foar ferkear tidens de Merke

yn de cloud